

# Samenvatting



## Voorwoord

Voor u liggen de jaarstukken 2025 van Wetterskip Fryslân. Met dit verslag leggen wij verantwoording af over het beleid en de uitvoering daarvan in een jaar waarin de opgaven voor waterbeheer onverminderd groot waren. Klimaatverandering, druk op de ruimte, strengere milieudoelen en maatschappelijke verwachtingen vragen om scherpe keuzes, zorgvuldige uitvoering en nauwe samenwerking met onze partners en de mienskip. In 2025 hebben wij hier met volle inzet aan gewerkt.

### **Programma Waterveiligheid**

Waterveiligheid blijft onze primaire verantwoordelijkheid. In 2025 zijn onze dijken en keringen goed voorbereid het stormseizoen ingegaan. Onderhoudswerkzaamheden zijn tijdig uitgevoerd, sluitingsprotocollen getest en calamiteitenvorbereiding op orde gebracht. Daarnaast is voortgang geboekt in de beoordeling van primaire en regionale keringen en zijn belangrijke stappen gezet in het versterken van zeedijken en boezemkeringen. Grote projecten, zoals langs de Waddenzeekust en op Schiermonnikoog, vragen om een zorgvuldige afweging van veiligheid, natuur en omgeving. Hoewel niet alles zonder vertraging verloopt, is de aanpak robuust en bestuurlijk goed geborgd. Ook het herstelprogramma regionale keringen ligt op schema, waarmee we werken aan een blijvend veilige leefomgeving.

### **Programma Watersysteem**

We werken aan een klimaatbestendig en robuust watersysteem. Het reguleren van watertekort en wateroverlast stond daarbij centraal. In natte en droge perioden is actief gestuurd op peilbeheer, waterberging en doorstroming. Er zijn maatregelen uitgevoerd om meer water vast te houden in veen-, zand- en kleigebieden en zijn doorgedaan met het optimaliseren van het boezemsysteem. Projecten voor waterberging, zoals in natuurgebieden, dragen bij aan het verminderen van piekbelasting en het vergroten van de veerkracht van het systeem. Tegelijkertijd is gewerkt aan het actualiseren en voorbereiden van peilbesluiten en het onderhouden en vernieuwen van gemalen, stuwen en watergangen. Het gebiedsgericht werken heeft verder vorm gekregen, waarbij we samen met provincies, gemeenten, landbouw en natuur zoeken naar oplossingen die passen bij de kenmerken van elk gebied.

Schoon water is een kernopgave. In 2025 hebben wij verder gewerkt aan de uitvoering van maatregelen in het kader van de Kaderrichtlijn Water. Natuurvriendelijke oevers zijn aangelegd, watergangen ecologisch beheerd en maatregelen genomen om verontreinigingen aan de bron te beperken. Ook voor wateren die niet onder de Kaderrichtlijn vallen, is samen met de provincie een gerichte aanpak ontwikkeld en toegepast. Monitoring van waterkwaliteit is uitgebreid en vormt een steeds belangrijkere basis voor sturing en verantwoording. Daarnaast is aandacht besteed aan zwemwaterkwaliteit en aan de preventie van invasieve exotische soorten die een bedreiging vormen voor ecologie en waterbeheer.

### **Programma Waterketen**

De waterketen vormt een essentiële schakel in het beschermen van de volksgezondheid, het milieu en de kwaliteit van het oppervlaktewater. De afname en het transport van afvalwater zijn in 2025 zorgvuldig beheerd, waarbij continu is gewerkt aan het in stand houden en verbeteren van het leidingnetwerk en de bijbehorende assets. Door preventief onderhoud, monitoring en tijdige ingrepen is de bedrijfszekerheid van het systeem geborgd, ook bij piekbelasting als gevolg van hevige neerslag.

Binnen de zuivering lag de focus op het optimaliseren van de prestaties van onze rioolwaterzuiveringsinstallaties. We hebben gewerkt aan het verder verbeteren van het zuiveringsrendement, mede in het licht van strengere eisen vanuit de Kaderrichtlijn Water en de toenemende aandacht voor nieuwe en zeer zorgwekkende stoffen. Ook in de slibverwerking zijn stappen gezet richting een robuuste en duurzame keten. De opening van de SOI in Heerenveen is daar een goed voorbeeld van. We hebben ingezet op een stabiele verwerking van slib, met aandacht voor continuïteit, milieu impact en toekomstige ontwikkelingen. Duurzaamheid en energie blijven belangrijke thema's binnen de waterketen. In 2025 is verder gewerkt aan energiebesparing, het benutten van reststromen en het verminderen van de ecologische voetafdruk van onze installaties. Daarmee draagt de waterketen niet alleen bij aan schoon water, maar ook aan bredere maatschappelijke doelen op het gebied van klimaat en circulariteit.

## **Programma Bestuur en Organisatie**

De activiteiten in het programma Bestuur en Organisatie ondersteunen alle primaire taken van Wetterskip Fryslân en vormt daarmee de basis voor een effectieve, betrouwbare en toekomstgerichte uitvoering van ons werk. Binnen de bedrijfsvoering is aandacht besteed aan het verbeteren van processen, assetmanagement, digitalisering en informatievoorziening. We hebben stappen gezet in het versterken van datagedreven werken, zodat besluiten steeds meer worden genomen op basis van actuele en betrouwbare informatie. Ook is geïnvesteerd in het verder professionaliseren van ondersteunende functies zoals HR, ICT, inkoop en juridische ondersteuning. Organisatieontwikkeling en medewerkers stonden eveneens centraal. In 2025 is verder gebouwd aan een organisatieaanpassing die toegerust is op de opgaven van vandaag en morgen. In een arbeidsmarkt die onder druk staat, is ingezet op het behouden en ontwikkelen van kennis en expertise. Er is aandacht geweest voor veilig en gezond werken, leiderschap en samenwerking binnen de organisatie. Daarmee werken we aan een sterke en betrokken organisatiecultuur, die nodig is om onze maatschappelijke opgaven waar te maken. Dat doen we niet alleen. Ook in 2025 hebben we actief deelgenomen aan regionale en landelijke overleggen en samenwerkingsverbanden, waarbij water en bodem steeds nadrukkelijker richtinggevend zijn voor ruimtelijke keuzes. Ook is gewerkt aan het verder ontwikkelen van omgevingsgericht werken, met meer aandacht voor participatie, samenwerking en duidelijke rolverdeling met partners.

### **Tot slot**

Bij het opmaken van de balans is de conclusie dat het is gelukt om zorgvuldig met de middelen om te gaan en zijn we ruim binnen de kaders van de begroting gebleven. We sloten 2025 af met een resultaat van € 11 miljoen. Terugkijkend constateren wij dat veel is gerealiseerd in een complex en dynamisch speelveld. Niet alle opgaven zijn afgerond, maar de ingezette koers is duidelijk en solide. Bekijk ook de [jaarvideo](#) over wat we hebben bereikt in 2025.

Luzette Kroon, *dijkgraaf*

Joost de Ruig, *secretaris-directeur*

## **Gearfetting**

Foar jo lizze de jierstikken 2025 fan Wetterskip Fryslân. Mei dit ferslach lizze wy ferantwurdig ôf oer it belied en de útfiering dêrfan yn in jier dêr't de opjeften foar wetterbehear ûnfermindere grut wiene. Klimaatferoaring, druk op de romte, strangere miljeudoelen en maatskiplike ferwachtingen freegje om skerpe karren, soarchfâldige útfiering en nauwe gearwurking mei ús partners en de mienskip. Yn 2025 hawwe wy hjir mei folle ynset oan wurke.

### **Programma Wetterfeiligens**

Wetterfeiligens bliuwt ús primêre ferantwurdlikens. Yn 2025 binne ús diken en kearingen goed taret it stoarmseizoen yngien. Underhâldswurk is op tiid útfierd, slútprotokollen binne test en de rampenfoarrieding is op oarder brocht. Dêrneist is foarútgong boekt yn de beoardieling fan primêre en regionale kearingen en binne wichtige stappen set yn it fersterkjen fan seediken en boezemkearingen. Grutte projekten, lykas lâns de Waadseekust en op Skiermûntseach, freegje om in soarchfâldige ôfweaging fan feiligens, natuer en omjouwing. Hoewol't net alles sûnder fertraging ferrint, is de oanpak robúst en bestjoerlik goed beboarge. Ek it herstelprogramma regionale kearingen leit op skema, wêrmei't wy wurkje oan in bliuwend feilige leefomjouwing. Dêrneist hawwe wy stilstien by de 'fergetten wettersneedramp' fan 1825.

### **Programma Wettersysteem**

Wy wurkje oan in klimaatbestindich en robúst wettersysteem. It regeljen fan wettertekoart en wetteroerlêst stie dêrby sintraal. Yn wiete en drûge perioaden is aktyf stjoerd op peilbehear, wetterberging en trochstreaming. Der binne maatregels útfierd om mear wetter fêst te hâlden yn fean-, sân- en klaaigebieten en wy binne trochgien mei it optimalisearjen fan it boezemsysteem. Projekten foar wetterberging, lykas yn de polder Himpensermar en natuergebieten, drage by oan it ferminderjen fan pykbelêsting en it fergrutsjen fan de fearkrêft fan it systeem. Tagelyk is wurke oan it aktualisearjen en tarieden fan peilbesluten en it ûnderhâlden en fernijen fan gemalen, stuwen en wettergongen. It gebietsgericht wurkjen hat fierder foarm krigen, wêrby't wy tegearre mei provinsjes, gemeenten, lânbou en natuer sykje nei oplossings dy't passe by de skaaimerken fan elk gebiet.

Skjin wetter is in kearnopjefte. Yn 2025 hawwe wy fierder wurke oan de útfiering fan maatregels yn it ramt fan de Kaderrjochtline Wetter. Natuerfreonlike iggen binne oanlein, wettergongen ekologysk beheard en maatregels nommen om fersmoarging by de boarne te beheinen. Ek foar wetters dy't net ûnder de Kaderrjochtline falle, is tegearre mei de provinsje in rjochte oanpak ûntwikkele en tapast. Monitoring fan wetterkwaliteit is útwreide en foarmet in hieltyd wichtiger basis foar stjoering en ferantwurdig. Dêrneist is omtinken jûn oan swimwetterkwaliteit en oan de previnsje fan invasive eksoatyske soarten dy't in bedriging foarmje foar ekology en wetterbehear.

### **Programma Wetterkeatling**

De wetterkeatling foarmet in essinsjele skeakel yn it beskermjen fan de folkssûnens, it miljeu en de kwaliteit fan it oerflakwetter. De ôfname en it transport fan ôffalwetter binne yn 2025 soarchfâldich beheard, wêrby't kontinu wurke is oan it yn stân hâlden en ferbetterjen fan it liedingnetwurk en de byhearrende assets. Troch previntyf ûnderhâld, monitoring en tiidige yngrepen is de bedriuwseiligens fan it systeem beboarge, ek by pykbelêsting as gefolch fan swiere delslach.

Binnen de suvering lei de fokus op it optimalisearjen fan de prestaasjes fan ús rioelwetter-suveringsynstallaasjes. Wy hawwe wurke oan it fierder ferbetterjen fan it suveringsrendemint, mei it each op strangere easken fanút de Kaderrjochtline Wetter en de tanimmende omtinken foar nije en tige soarchwekkende stoffen. Ek yn de slibferwurking binne stappen set rjochting in robúste en duorsume keatling. De iepening fan de SOI yn It Hearrenfean is dêr in goed foarbyld fan. Wy hawwe ynset op in stabile ferwurking fan slib, mei omtinken foar kontinuïteit, miljeu-ynfloed en takomstige ûntwikkelingen.

Duorsumens en enerzjy bliuwe wichtige tema's binnen de wetterkeatling. Yn 2025 is fierder wurke oan enerzjybesparing, it benutten fan reststreamen en it ferminderjen fan de ekologyske foetôfdruk fan ús ynstallaasjes. Dêrmei draacht de wetterkeatling net allinne by oan skjin wetter, mar ek oan bredere maatskiplike doelen op it mêd fan klimaat en sirkulariteit.

### **Programma Bestjoer en Organisaasje**

De aktiviteiten yn it programma Bestjoer en Organisaasje stypje alle primêre taken fan Wetterskip Fryslân en foarmje dêrmei de basis foar in effektive, betroubere en takomstgerichte útfiering fan ús wurk. Binnen de bedriuwsfiering is omtinken jûn oan it ferbetterjen fan prosessen, assetmanagement, digitalisearring en ynformaasjefersoarging. Wy hawwe stappen set yn it fersterkjen fan datagedreaun wurkjen, sadat besluten hieltyd mear nommen wurde op basis fan aktuele en betroubere ynformaasje. Ek is ynvestearre yn it fierder profesjonalisearjen fan stypjende funksjes lykas HR, ICT, ynkeap en juridyske stipe. Organisaasjeûntwikkeling en meiwurkers stienen ek sintraal. Yn 2025 is fierder boud oan in organisaasje-oanpassing dy't taret is op de opjeften fan hjoed en moarn.

Yn in arbeidsmerk dy't ûnder druk stiet, is ynset op it behâlden en ûntwikkeljen fan kennis en ekspertize. Der is omtinken west foar feilich en sûn wurkjen, liederskip en gearwurking binnen de organisaasje. Dêrmei wurkje wy oan in sterke en belutsen organisaasjekultuer, dy't nedich is om ús maatskiplike opjeften wier te meitsjen. Dat dogge wy net allinne. Ek yn 2025 hawwe wy aktyf dielnommen oan regionale en lanlike oerlizzen en gearwurkingsferbannen, wêrby't wetter en boaiem hieltyd mear rjochtingjaand binne foar romtlike karren. Wy organisearren sels in Watertop en ferkiezingsdebat om it bewustwêzen by de lanlike polityk ûnder de oandacht te bringen. Ek is wurke oan it fierder ûntwikkeljen fan omjouwingsgericht wurkjen, mei mear omtinken foar partisipaasje, gearwurking en in dúdlike rolferdieling mei partners.

**Ta beslút**

By it opmeitsjen fan de balâns is de konklúzje dat it slagge is om soarchfâldich mei de middels om te gean en binne wy rom binnen de kaders fan de begutting bleaun. Wy hawwe 2025 ôfsletten mei in resultaat fan € 11 miljoen. Weromsjen konstatearje wy dat in soad realisearre is yn in kompleks en dynamysk spylfjild. Net alle opjeften binne ôfmakke, mar de ynsette koers is dúdlik en solide. Besjoch ek de [jierfideo](#) oer wat wy berikt hawwe yn 2025.

Luzette Kroon, dykgrevin

Joost de Ruig, sekretaris-direkteur

